


De Twirre



Febrewaris 2026



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 43e jiergong nr. 1: febrewaris 2026. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 maaie by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Hendrik Tel	till.	0049 - 5924 785255 hendrik.tel@t-online.de
Skriuwer	Janroel Salomons, Parijsstraat 79 7559 KP Hengelo x@8379.nl		
Ponghâlder	Pier Bergsma		0546 - 57 57 30 pu.bergsma1944@gmail.com
Leden	Grieteke van der Veer		074 - 291 8564 gpvdveer@gmail.com
	Grietsje Posthumus		074 - 242 7217 grijshengelo@gmail.com
Redaksje Twirre	Jelle van der Meulen jellevd@t-online.de		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 25 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 40 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Frisismen

- | | |
|---|-------------------------------------|
| - <i>Mijn dochter zal uit van huis</i> | Mijn dochter gaat logeren. |
| - <i>Wat zijn jullie van doel?</i> | Wat zijn jullie van plan? |
| - <i>Volgens mij doet hij dat met zin</i> | Volgens mij doet hij dat met opzet. |
| - <i>Wat hebben jullie nu afgepraat?</i> | Wat hebben jullie nu afgesproken? |
| - <i>Het had niets om de hakken</i> | Het stelde niet veel voor. |
| - <i>De konijntjedagen zijn weer om</i> | De vakantiedagen zijn weer voorbij. |
| - <i>Daar is wat te redden</i> | Daar gebeurt iets bijzonders. |

Belangrike data

Freed 20 maart Bûnte Fryske middei. Eigen ferhalen fan de Alvestêdetocht, Fryske lietsjes, foardracht, Fryske puzel. Alles troch ús eigen leden. Wijkcentrum Hengelose Es, Uitslagsweg 47 Hengelo. Seal iepen om 13.30 oere.

begjin juny Plannen foar in ekskurzje nei Singraven.

yn 'e rin fan juny De folgjende Twirre komt foar de simmer.

Op nei de maaitiid

It wie gjin strange winter, mar wol in lange winter. Foar âld en nij hienen wy al wat snie en froast, it gie doe wat op en del en dat gie troch oan ein febrewaris. De winter is ek in tema dat in pear kear weromkomt yn dizze Twirre en ek op ús noflike middei fan 20 maart komt it iis nei foaren. It is al hast in nije tradysje wurden, it wyksintrum Hengelose Es, wêr't wy no ús gearkomsten hâlde. Op freed 20 maart treffe wy inoar wer op 'e middei lykas foargeande kearen. De jiergearkomste fan jannewaris is flot ferrûn, en nei it skoft hawwe wy genietsje kinnen fan de muzyk en de lietsjes fan Nanne en Ankie. Mar der binne noch altyd gjin nije bestjoerskandidaten, en dat betsjut dat it wy ús gedachten meitsje moatte oer de takomst fan ús krite. Mar foarlopich draait it allegear en wy hoopje jim te sjen op ien fan ús aktiviteiten.

□ It Bestjoer



Ferslach jiergearkomste 23 jannewaris

De 37 oanwêzigen waarden ûntfongen mei in stikje oranjekoeke en in kopke kofje of tee. Om twa oere koe foarsitter Hendrik Tel de gearkomste iepenje.

We songen it Frysk folksliet mei begelieding fan de muzikanten Nanne en Ankie. Wy betochten de leden dy't ôfrûne jier ferstoarn bin. Op 'e tafel leinen de notulen fan 'e ledengearkomste fan 3 april 2025, it jierferslach oer 2025 en it finansjeel oersjoch oer 2025. De notulen en it jierferslach waarden besprutsen en goedkard.

Ponghâlder Pier Bergsma joech in oersjoch oer de sinteraasje. Yn '25 binne wy 173 Euro efterút buorke, mar der is noch reserve. Op 1 jannewaris 2026 hie de krite 102 leden. De kaskommisje, fertsjintwurdige troch Hidde Walstra, die fer-

slach fan har wurk en stelde foar om de ponghâlder te ûntlêstigjen, wat de oanwêzigen goedkarden. De nije kaskommisje foar 2026 bestiet út Anke Meijer en Tine Visser, mei Durk Rozendal as reserve. It bestjoer sil him beriede oer de hege ferstjoerskosten fan De Twirre.

Der stiet gjin bestjoersferkiezing op de wurklist, mar de foarsitter wiist op de fakatueres dy't der al langer binne. Oant no ta hat gjinien him of har dêr foar opjûn. Boppedat jout Hendrik oan dat hy oan 'e ein fan dit jier ôftrede sil. As der gjin nije bestjoersleden komme



en de foarsitter hâldt der mei op, dan sil it takom jier dreech wurde foar de krite. Der binne wol kommisjes dy't wat wurk foar harren rekken nimme, mar in offisjele feriening moat neffens de statuten wol in offisjeel bestjoer ha. It bestjoer sil him beriede hoe't it fierder moat en fan't hjerst mei in foarstel komme.

De kommisjes draaie aardich, mar de kommisje K & G (Kultuer en Gesellicheid) kin wol wat fersterking brûke. Der bin plannen om op 20 maart wer in noflikke Fryske middei te hâlden mei ynbring fan eigen leden. Tine Visser en Lieuwe Seinstra jouwe oan dêr wol in bydrage oan jaan te wollen.

Oan 'e ein freget de foarsitter oft der belangstelling is om dit jier noch in reiske te meitsjen. Hy krijt sa'n tweintich fingers omheech. De minsken wolle wol graach in bestimming yn Fryslân.

De foarsitter tanket de oanwêzigen foar harren komst en slút de gearkomste. Dan is der skoft.

Nei de pauze genietsje wy fan in optreden fan it sjongduo Nanne en Ankie. By harren optreden brûke se ûnder oare de skaalje, de mandoline en de concertina, it âldste lid fan de akkordeonfamylje. Grieteke jout harren in Twentse krintebôle om mei nei hûs te nimmen as tank. Hendrik winsket elkenien in goede reis nei hûs ta. □

Dolce far niente (Marten Sikkema)

*Genietsje fan de roken fan it lân
en fan de lytse jeften fan it libben;
in skouderklop, in tút, in fikse hân,
in bliid petear mei freonen en mei sibben.*

*Genietsje fan betsjoenende muzyk,
fan beammerûzjen en fan fûgelsjongen,
fan bern dy't fleurich djoeie op 'e dyk
en fan de sulvren sfear yn fersen fongen.*

*Genietsje fan de lije sinneskyn
en nip mar hoeden fan de swiete wyn,
bepeur it stadich streamen fan dyn bloed
en nim it libben oan: Genietsje hjoed!*

(fûn op in stien yn parklânskip Oranjewâld)

De Alvestêdentocht

Ek de ôfrûne winter is it der net fan kommen, gjin Alvestêdetocht. It is takom jier al wer tritich jier lyn dat de tocht foar it lêst riden is, 4 jannewaris 1997. Dat wie de 15-de offisjele kear. De rûte begjint yn Ljouwert, Snits is de twadde stêd. En sa wurdt der in rûntsje makke op nei stêd nûmer alve - Dokkum - en dan wer op nei Ljouwert. Mar yn it ferline is de tocht ek in pear kear oarsom, tsjin de klok yn, riden, dus earst nei Dokkum. De lengte fan de tocht is sa'n 200 km. De alve stêden binne de stêden dy't eartiids yn de Midsiuwen stedsrjochten hienen. Guon derfan, lykas Sleat, binne hjoed de dei net folle grutter as in doarpke. En gruttere plakken lykas it Hearrenfean en Drachten wurde net oandien. De Alvestêdetocht berêst dus op histoarje en tradysje. En it meast bekende plak ûnderweis is fansels it brechje fan Bartlehiem.

De alvestêdetocht foar 1900

By sterk iis op redens by de alve Fryske stêden lâns, in prestaasje fan formaat. En dat waard al in pear hûndert jier dien. Sûnder organisaasje, sûnder feriening, op eigen manneboet. It waard dien, der waard oer praat, mar der waard net in soad oer skreaun.

Op in pear útsûnderingen nei. Wa't Pier wie, witte we net, mar yn 1749 waard optekene troch Boelardus Augustinus van Boelens (Hurdegaryp): «*t Is Pier die ellef Steden van Vriesland, op een dag, heeft in het rond gereden, en nog zijn maal met vrede at in den Olyhoek, te Bolsward in den stal, bij Vetlap van den Hoek.*»

Yn 1862 waard tyngedien fan de prestaasje fan Willem Troost (49 jier). «*De geheele reis werd volbracht in 22 uren; daarvan moeten 2 uren worden afgetrokken, die de heer Troost, tengevolge van een*

verkeerde aanwijzing van den weg is mis gereden, en voorts nog 4 uur van oponthoud op de bezochte plaatsen (alles volgens verklaringen van geloofwaardige personen in het zakboekje van den heer Troost aangeteekend), zoodat de eigenlijke reis, waarvan het begin en het einde onder het voordeel van maanlicht, in 15 uren is volbragt. Bij Stavoren bereed de heer Troost, in gezelschap van eenige personen, de Zuiderzee.»

De winter fan 1890-1891 wie strang. Fan novimber oant jannewaris wie alle binnenwetter yn



Stêd	Ofstân (km)
Ljouwert	0
Snits	22
Drylst	26
Sleat	40
Starum	66
Hylpen	77
Warkum	86
Boalsert	99
Harns	116
Frjentsjer	129
Dokkum	174
Ljouwert	199

Nederlân beferzen. Reedride waard in echte rage; ûngemakken, faak fataal, wiene gewoan. Hûnderden manlju en froulju begûnen oan it grutte Alve Stêden-aventoer, mei positive resultaten. Bygelyks de susters Lysbeth en Akke Swierstra fan Poppenwier en sân bruorren út it doarp Tirns dy't allegear op deselde dei de reis folbrocht ha.

Under de riders fan 1890-91 wie ek de grutte sportpionier, skilder, skriuwer en sjoernalist Willem J.H. ('Pim') Mulier út Haarlem, berne fiifentweintich jier earder yn Wytmarsum, as soan fan in grytman. Hy wie it dy't, tidens syn 12 oeren en 55 minuten duorjende reis, miskien al neitocht hat oer de mooglikheid fan in organisearre Al-

vestêdetocht. Syn plannen waarden yn 1909 wurklikheid, de earste "of-fisjele" Alvestêdetocht. Wa't de tocht útriden hie, krige it krúske, in ûntwerp fan Pim Mulier.

Fuortdaliks nei de tocht fan 1909 waard op 15 januari 1909 de *Vereniging De Friesche Elf Steden* oprjochte. De grutte inisjatyfnimmer wie Mindert Hepkema, advokaat yn Ljouwert. Hy waard foarsitter en bleau dat oant en mei de tocht fan 1947.

Hepkema ried sels ek in pear kear mei yn de wedstriid, yn 1912 waard er 9-de en yn 1917 29-ste. Yn 1948 waard Jan Sipkema foarsitter fan de feriening en hy wie dat ek noch yn 1963. En nei him kaam Henk Kroes ("it giet oan").

De kontribúsje foar 2026

Tinke jo oan de kontribúsje foar 2026? Fan de measten haw ik it al kringen, mar by guons is it der oant no ta noch net fan kommen. It bedrach is 25 Euro yn 't jier foar ien allinne en foar in hûshâlding 40 Euro. Graach oermeitsje op rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer. □ Pier Bergsma, ponghâlder

Famyljeberjochten

Op 11 jannewaris is Thijs Schaap stoarn, de man fan bestjoerslid Grietsje Posthuma. Thijs wie meastentiids ek by de aktiviteiten fan de Krite oanwêzich, mar de lêste tiid wie er faak siik. In oantal kearen hat der de begeleiding fan ús kritekoar fersoarge mei syn akkordeon. Ek hat er op it oargel spile by de Fryske tsjerketsjinsten. Thijs wie 81. Us meilibjen giet út nei Grietsje en har famylje dy't wy folle krêft en moed tawinskje.

Wolkom

As nij lid hat har opjûn opjûn frou T. Kusters-Dijkstra út Hengelo. Se wurket as frijwilliger by it Wijkcentrum yn Hengelo en fernaam sa fan it bestean fan de krite. Wy hoopje dat hja it by ús nei't sin ha sil.

*Wy Friezen wit wol better,
iis is ek samar wer wetter*

op 'e drompel (Sipke Veenstra)

*noch efkes
omsjen nei 't
ferline*

*bylden dy't
stadichoan
ferdwine*

*dan dochs wer
moedich
fierder gean*

*komt oars wat
foar yn 't
plak te stean*

*de kjeld skitteret
izers sjonge
lange slingers fan wille
op iis binne wy in feest*

Arjan Hut, dichter fan
Fryslân, út 'e Frielandpost
fan febrewaris 2026

Dodzjen

Wêr't in mins him al net op foarstean litte kin. Diedert wol der op út dat er fan ús allegearre op it hiele doarp en gâns in krite dêromhinne, fierwei de lichtste slieper is. Dêr is er ek noch grutsk op.

- Langer as in minút of tsien oan ien stik, sliep ik noait. Dan bin 'k wer sa wekker as in hazze en soe 'k de piip wol oanstekke kinne. Dat doch ik net. Ik bliuw lizzen. Mei in oere of twa krij ik dan de sliep wolris wer troch de lea. Men kin it winlik net iens sliepen neame. It is mear dodzjen. As ik yn in hiele nacht meiinoar in oere sliep, is 't in soad. Mear sliep hoech ik ek net. Deis bin 'k sa fris as in nût.

Lit it dan mar útsûnderlik wêze, dêrom hoecht Diedert dat noch net te pas en te ûnpas eltsenien by te bringen. Ik wol it wol wêze dat wy it allegearre leauden wat er bewearde.

Sûnt fan 'e wike wit ik dat sa krekt net mear. Midden yn 'e nacht gûlde de brânsirene oer de buorren. Yn in sucht wienen wy der ôf. Ien stik minsken op 'e dyk. In leech hûs yn 'e brân. It moat oanstutsen wêze.

Der bleau neat fan stean. De hiele boel plat. Tsjin 'e moarntiid rekken wy earst wer op bêd. It wie goed sân oere doe't Diedert bûten kaam. Hy wist net wat er seach dat Siberen syn âld hûs útbrând wie. It hiele nachflik trelit wie him ûntkommen. Hy moat mear dien ha as dodzjen. It moat ek langer as in oere duorre ha.

□ Paulus Akkerman út: Wat wie't wat

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: stoarm. No meie jo wer fan seis groepkes letters seis moaie Fryske wurden meitsje. De earste letters fan dy wurden foarmje dan wer de Fryske namme fan in fûgel dy't je by't maitiid graach yn de greiden hearre soene.

□ Eeke

l p s e e i

k s t a e e

c h j r t o

d g r s a e i

l n â e i

c h j l s t o



In noflike Fryske middei op freed 20 maart

Utnoeging:

Wy noegje jo út foar in noflike gesellige Fryske middei. Op freed 20 maart om 13.30 oere giet de doar iepen by Wijkcentrum Hengelose Es, Uitslagsweg 47 yn Hengelo. Kofje, tee en in koekje steane klear.

Wy hawwe in bûnt programma mei ynbring fan de eigen leden.

Soargje derfoar dat jo net heas binne, want wy sille ek sjonge. It Frysk Folksliet fansels, mar wy hawwe ek de tekst fan in pear oare bekende Fryske lietsjes op papier.

Twa fan ús leden sille fertelle oer de Alvestêdetochten dy't se riden hawwe. Pier Bergsma (82) hat meidien yn 1985, 1986 en 1997. Lieuwe Seinstra is sa'n tsien jier âlder as Pier en hy wie der ek yn 1963 al by.

Wy meitsje tariesings om jim in Fryske puzel foar te setten.

En we ferwachtsje in foardracht fan de Ballade fan Longerhou. Longerhou wie eartiids in ferneamd doarp by Boalsert, en de ballade fertelt jim wêrom't dat no net mear sa is. It giet wol oer iis en reedriden.

As jo fan doel binne te kommen, stjoer eefkes in berjochtsje oan Janroel op x@8379.nl mar der komt in wike foar de tiid ek noch wol in e-mail om jo der oan te herinnerjen. Der is gjin yntree en gasten binne wolkom.

Dus oefenje jo sjongstim. En nim ek in pinne mei.

kommisje K-G

Hawwe jo ideeën foar in Fryske middei yn 'e hjerst?

It ôfrûne jier hawwe wy in oantal kearen in prachtige Fryske middei hân. Wy tinke dat it ek op 20 maart wer in noflike Fryske middei wurde kin mei fan alles en noch wat. De ideeën foar de ynfolling fan dizze middeis kamen foar it grutste part fan de kommisje K & G.

Wy wolle fan't hjerst ek graach wer sa'n soarte middei organisearje. In gesellige Fryske middei mei ynbring fan ús eigen leden. Faaks hawwe jo ek ideeën oer ûnderwerpen dy't wy as ûnderdiel fan dy middei brûke kinne.

As dat sa is, nim dan kontakt op mei Janroel fia de e-mail x@8379.nl

It hoecht net te betsjutten dat jo sels yn't spier moatte, in idee is al wolkom. Mar as jo sels wat dwaan wolle, is it ek bêst. En as jo tinke dat je noch wol wat mear dwaan wolle en dêr tiid foar ha, ik soe sizze, jow jo op as lid fan de kommisje K & G. Graach oant sjen.

út namme fan de kommisje K & G, Janroel Salomons

Net alles is wat it liket....

Sit in stoere keardel, petsje en sinnebril op, in beprinte T-shirt oan, lekker oan in gleske bier. Komt der in dame by syn taffeltsje stean en seit tsjin him, sa te sjen hawwe jo it wol nei't sin.

Jawis, seit de man. Mar wat kin ik foar dy dwaan? De dame freget oft sy even fan syn tiid gebrûk meitsje mei om him in pear fragen stellen.

Jawis, seit de man, gean sitten en gean dyn gong.

Tankewol, seit de dame. Stel, jo bin mei de bus en der komt in frou yn, mar der is gjin plak mear, soene jo jo plak dan oan har ôfstean?

Nee, seit de man, dat doch ik net. Oh, seit de dame, mar as der no in frou ynkomt dy't yn ferwachting is, dan steane jo je plak dochs wol ôf?

Nee, seit de man. Nò, seit de dame. En as der no in âld wyfke binnenkomt, dan steane jo je plak grif wol ôf dochs?

Nee, seit de man, sels *dan* stean ik myn plak *net* ôf!

Wier net? Jo binne in hiel ûnfatsoenlik en egoïstysk persoan! Wa tinke jo wol dat jo binne? De man seit hiel rêstich, ik bin bussjauffeur!

In sleat mei kraskes (Gerryt Baarda)

*Us mem, lyts wyfke, hie my by
in waarme kachel redens ûnderbûn
en wie mei my, lyts mantsje, op 'e rêch tichtby
nei't glêde iis by't noflik bjinstap rûn.*

*Myn earste streekjes makke 'k hingjend oan har hân
wylst read de sinne opkaam oer't beripe lân.*

*Sa ha 'k as beuker d' earste skekjes set,
mar 'k wie te jong, it woe noch net.*

*Wer kaam de sinne grut en read omheech
doe't ik myn houtsjes ûnderbûn. It foel my dreech.*

Ik hie it smeller wurden sleatsje socht.

It stap wie fuort. Min koe ik yn de bocht.

By d'earste skekjes fielde 'k al: De lêste kear!

Ik wurd te âld, it wol net mear.

*Mar tusken doe en no, ha 'k ochsa tankber tocht,
ferrûnen tachtich jier fan suver ridersnocht.*

Daniëlle lêst wolris wat

Daniëlle Schreuders fersoarget dizze rubryk yn De Twirre. It ferhaal fan dizze kear komt út “Sa binne sokke dingen” fan Lize Stilma.

LEAGEN

“Takommende wike,” sei de boer, “komt Wytske út ’e finzenis yn Ljouwert.”

“En wat soe dat?” frege de frou.

“No neat, mar ik wol mar sizze dat er miskien wol gjin mins op har wachtet en dat griist my oan.” It waard stil yn ’e keamer. Stiller as ea, want se prate graach en lûd.

“Ik wol mar sizze,” sei er nochris, “as se d’r út komt en d’r stiet gjin mins by de poarte.”

“Dat hat se dan fertsjinne,” sei de frou. Se waard lulk en rôp: “Jo dogge krekt oft it mar neat is, .. mem wurde sûnder man, it bern as fûnling lizze, .. it is noch al wat.”

“Ja,” stimde de boer mei, “it is net in bytsje slim mar skriklik!”

“No en wat woene jo no bewea-re?” It lûd fan ’e frou waard heftiger en heftiger. De boer seach har oan en tocht: Wat haw ik hjoed? Myn frou is ynienen yn myn eagen ûnsjoch en wat stiet se te razen. Ik wol mei har prate oer Wytske.

“My tocht ..”, sei er hiel stadich, mar fierder kaam er net.

“Ien ding,” rôp de boerinne, “oer Wytske wurdt hjir net mear praat; dêr ha wy neat mei te meitsjen ... jo sitte altyd yn oer minsken dy’t

net doge.” Sa gyngen se op bêd.

It waard de oare wike. “Sa dêrmei gean ik nei Ljouwert,” kundige de boer oan en naam noch in stik brea.

“Wat moasto dêr?”

Har tocht se soe d’r yn bliuwe!

“Wytske helje mei de tilbry,” sei er. “En se wurdt faam by myn sust-er, sa ha wy dat regele.”

De boerinne taaste nei har hert.

Wat healwiis mar it docht my neat,

tocht de man. Stil taaste litte. En

hy gyng. It doarp wist it krekt: as

dy boer Wytske helle hat, is hy fan-

sels de heit. Mar hy sei eltse kear:

“*Sa is it net.*” Fjouwer wurden.

Syn jonges seinen: “Dy heit fan

ús, wa hie dat tocht.” Ien hat him

frege mar hy antwurde wer gelyk:

“*Sa is it net.*” Fjouwer wurden.

Ek foar dizze boer kaam de lêste

tiid. Hy lei yn it bedstee en seach

syn fjouwer jonges oan.

“Wol heit noch wat sizze,” frege

de âldste sêft.

“Ja,” sei er. “Jimme hawwe altyd tocht dat ik de heit fan Wytske har bern bin.”

“Nee, heit,” songen de jonges ta-

gelyk yn koar. “Dat hawwe wy

nea tocht.” Hy seach se alle fjou-

wer oan en sei: “Trije fan jimme

lige no.” En doe wie er wei. □

Nasjonaal Park Drents-Friese Wold by Appelskea

As jo yn it Aekingerzand steane, hawwe jo net iens folle fantasy nedich om jo foar te stellen, hoe't de ûnbidige sânflakten fan it ferline der útsjoen moatten ha. Oan 'e râne fan ien fan 'e lytse puoltsjes op 'e heide tûmelje lytse ieldûkers, merkels en swartnekûkers (fuut) oer elkoar hinne. Yn it wiete gebiet fan Aekingerbroek fine jo de oarsprong fan it rivierke de Vledder Aa, dy't koartlyn wer frij streamme mocht. Heide, bosk, fean, puoltsjes, greiden en stosân foarmje mei elkoar it Nasjonaal Park Drents-Friese Wold, in grut natuergebiet op histoaryske grûn.

Hunebedbouwers wennen hjir al fiiftûzen jier lyn. Mar lit de namme “wold” jo net misliede. Der is folle mear as allinnich bosk; it lânskip ferskilt enoarm: fan ekstreem droech en fiedingsearm stosân lykas it Aekingerzand (ek wol bekend as de Kale Duinen) oant grutte, sompige beekdelingen lykas it Aekingerbroek. Stosângebieten binne seldsum yn Nederlân. Dêrom soarget Staatsbosbeheer derfoar dat it sân fierder stowe kin en net troch it bosk opslokt wurdt. Sels as drastyske maatregels nedich binne, lykas it kappen fan twahûndert hektare bosk. De heide hat in oar probleem: de pearse heideplanten rinne it gefaar om ferdrongen te wurden troch it piipstrie, in taaie, fluchgroeierende gerssoarte. Om dit te foarkommen wurdt fee lykas Skotske Heechlanners, Salers, Limousins en Blonde d'Aquitaines brûkt, dy't wol ried witte wat mei dat piipstrie.

<https://www.nationaalpark-drents-friese-wold.nl>

Besikerssintrum: Terwisscha 6A, 8426 SJ Appelscha

□ út: Friesland, 200 plekken, die je echt gezien moet hebben. Annemarie Bergfeld

Ekskurzje nei Singraven

Op ús lêste bestjoersgearkomste kaam it idee om begjin juny in ekskurzje te hâlden nei “Landgoed Singraven” by Denekamp. Mei in rûnlieding troch it hûs, in soarte fan state.

Der is ek in moaie tún om te besjen, en de wettermole. En we kin kofjedrinke by it kafee oan it wetter. Wy gean net mei de bus mar mei eigen ferfier. Yn de rin fan maaie komt neier berjocht oer hoe en wat krekt, hoe let en wêr.



Marica van der Meer wer op 'e fyts mei Chepe

Yn oktober rekke Marica yn Panama mei de fyts oer de kop en belâne yn't sikehûs. Wiken wie se der mei ûnder de pannen. Mar it is wer klear-kommen. Marica sit wer op 'e fyts, tegearre mei Chepe. Fan Panama en Colombia nei Venezuela. In prachtich lân mei oeral freonlike en gastfrije minsken. Op 'e teller: 30.910 km. Twa jier lyn wie Marica by ús krite, in wike letter is se doe ôfset fanút Warkum. Op ynternet hâldt hja de reis by mei foto's: www.facebook.com/marica.vandermeer



Oer in skieppetyk

*In skieppetyk te Haulerwyk,
mei 't eigen skiep let op 'e dyk,
fûn it sa tsjuster dat hja tocht:
nei bûten nei it sinneljocht
want dêrfan ha ik echt ferlet.
Mar och, de sinne skynde net.
Doe tocht de tyk, it moed goed fol:
ik krûp wer gau ûnder de wol.*



H.J. Kleefstra út: De bisteboel fan Hoatse

Nijs ít Fryslân

Swurden op souder riedhûs Balk. Op 'e souder fan it riedhûs yn Balk binne tsien autentike swurden út de 16e iuw fûn. De swurden binne nei alle gedachten troch Fryske striders brûkt yn de tiid fan de tachtichjierrige oarloch. It giet om saneamde twahânssturden, dy't dus mei beide hannen brûkt wurde moasten. Twa fan dit soarte fan swurden leine al yn it museum fan Sleat. De oare tsien waarden opslein op de souder fan it riedhûs omdat yn it ferline tocht waard dat it om replika's gie. Dêrtôch wie de kolleksje fergetten. De konservator fan it Nationaal Militair Museum is ien fan de ûndersikers fan de swurden. Hy fynt it in bysûndere fynst. De swurden komme út de perioade 1560 - 1630, presys yn de tiid dat der yn de Nederlannen fûl fochten waard. Dizze enoarme swurden, dy't bytiden mansheech wiene, waarden brûkt troch elitêre soldaten. As je 12 fan dizze swurden op ien plak fine, is de kâns grut dat se hjir altyd west ha en brûkt binne troch ynwenners fan Sleat.

Fryske ferkearsbuorden. Op de nije ferkearsbuorden yn Fryslân komt de Hollânske tekst boppe de Fryske tekst, mei in streek dertusken. Dat is de útkomst fan in stemming dy't holden wurden is op de webside fan Stim fan Fryslân. Oant 23 desimber koene minsken dêr stimme oer it úterlik fan de nije buorden. Hja koene kieze út twa ferzjes; ien mei de Fryske tekst ûnder in horizontale line en ien mei de Fryske tekst kursyf. It streekje hat de foarkar fan de stimmers, dat krige 75% fan de stimmen. Oer it ûntwerp fan de buorden wie in soad diskusje oer hokker taal boppe oan stean moast. De Fryske Beweging en guon partijen yn de Provinsjale Steaten keazen foar it Frysk, mar it wichtichste argumint dêrtsjin wie de ferkearsfeiligens. Dit jier wurde de earste buorden ferfongen.

Noardlike omroppen winne Langmanpriis 2025. Omrop Fryslân, RTV Noard en RTV Drenthe hawwe mei *Stand van Noord-Nederland* de "Langman Prijs 2025" wûn. De sjuery oardielde dat de omroppen mei it programma bydrage oan de noardlike opinyfoarming, sûnder dêrby de eigen identiteit te ferliezen. *Stand van Noord Nederland* is it fiifdielige programma dat de ekonomyske sitewaasje fan de noardlike provinsjes bepraat. En dêrmei witte de omroppen de regio thús te bringen, neffens de sjuery. De Langmanpriis wurdt takend oan in persoan of ynstânse dy't in wichtige ynfloed hat op de noardlike ekonomy of opinyfoarming. De priis is in inisjatyf fan Stichting Noord-Nederland. □

Resept

Sûkelarjetruffels

90 gram poeiersûker; 60 gram bûter; 30 gram kakaopoeier; 20 gram hagelslach; 20 gram mealde kokos.

De poeiersûker seevje en der fjouwer ytleppels kakaopoeier trochdwaan en in klute bûter. Mei in foarke de boel goed trochinoar hinne peie, sadat alles ien kleur krijt en igaal fan uterlik is. It guod in kertierke yn de kuolkast opstiiwjje litte. Der mei in meloenleppeltsje of mei de hânnen rûne baltsje fan foarmje. De iene helte fan de baltsjes troch de hagelslach en de oare helte troch de mealde kokos rôlje. Foar guon mei in flewielen tonkje.

□ Ut: "De Nije Petiele" fan Wieke de Haan

Tiden hawwe tiden

Tsjalbert 1956. Fee-ferhuzing. As de boer alle lân net fuort om 'e pleats hie, waard it bûthús yn 'e maaitiid leech makke en kamen de kij fierderop yn 't lân. De boer op 'e foto wie al wat "grutter" en molk net mei de hân, de masine gie mei. Yn it hokje sit de motor mei de kompressor.



Boekenijs

It Deiboek, Janny van der Molen. In twatalich ferhaal oer in Frysk famke fan doe en in Hollandse jongen fan no. Wat ha dy mienskiplik? Wat is der oan 'e hân mei in skilderij en hokker rol spilet it deiboek fan Jehannes de Groot? In ferhaal oer striid, moed en echte freonskip. *Priis: 16,50.*

It sjaaltsje en njoggen oare ferhalen, Hylkje Goïnga. Hylkje Goïnga is as skriuwster foaral bekend wurden troch har koarte humoristyske ferhalen. Tusken 1971 en 1993 publisearre se seis bondels. It boek hat tsien teksten dy't karakteristyk binne foar de skriuwster: koart om 'e hoeke, humoristysk en net sûnder tragyk. *Priis: 7,50.*

De nacht fan Mare, Willem Schoorstra. Mare, santjin jier, ienichst bern, beskerme grutbrocht yn in gegoede húshâlding. Thomas, twaëntweintich jier, soan fan in kroechbaas, op syk nei syn plakje op de wearld. Dat binne de haadpersoan yn dizze nije roman fan Willem Schoorstra. Se moetsje inoar ein santich yn Ljouwert by it

konsernt fan Herman Brood yn de Prinsetún. *Priis: 19,50.*

Hierbak, Sietse de Vries. Sjerp Bak docht al 20 jier ferslach fan de Ljouwerter gemeentepolityk. Gjin sjoernalistyk swiergewicht misken, wol in betrouber ferslachjouwer. Privee liedt fyftiger Bak in wat grizich bestean fan in frijfeint op jierren. Troch twa ûngelokkige stjergefallen komt syn libben op 'e kop te stean. Mei dit boek bewiist Sietse de Vries dat er in spannend boek skriuwe kin en in skerp each hat foar de tragykomyse kant fan it libben fan minsken. *Priis: 17,50.*

Hagelslach, Rients Gratama. Hagelslach is de lêste dichtbondel fan kabaretier en teaterman Rients Gratama (1932 - 2017). Minder bekend is dat er neist syn wurk op it toaniel ek in begaafd dichter wie. Yn de lêste oardel jier, doe't er troch syn súnens net mear optrede koe, fûl er werom op de pinne. Yn heldere gedichten oersjocht Gratama syn libben yn grutte en lytse mominten. Mei tekeningen fan syn frou Carla van der Heijde. □ Ali

Fraach fan de master

Master seit: "En wa't it antwurd op myn folgende fraach wit, mei nei hûs." Piebe krijt gau syn tas en smyt 'm troch 't rût nei bûten-doar. "Wa hat dat dien?" freget master.

"Ikke," seit Piebe, "en ik gean no nei hûs ta. Goeie!"

Witte jo.....

- Dat it NS-stasjon by iisstasjon Thialf wer yn gebrûk nommen is op dagen dat der belangrike riderijen binne yn it Thialfstadion?
- Der twadde Krystdei op ferskate plakken reedriden wurden koe op natoeriis? Dat koe letter yn jannewaris ek noch wolris.
- Der dit jier ferkearsbuorden komme mei ek Fryske teksten?
- Heal jannewaris wer de ferneamde hynstekeuring fan it Fryske Hynder wie yn Ljouwert? Fanút de hiele wrâld is dêr belangstelling foar. Op Omrop Fryslân wie de keuring alle trije dagen hielendal te folgjen.
- Yn Aldwâld samar op in moarn in sebrapaad op 'e dyk skildere wie? Net ien wit sabeare wa't it dien hat. Mar se bin der wol wiis mei.
- Dat yn it febrewarisnûmer 2026 fan Frielandpost in oantal prachtige sniefoto's fan Fryslân steane? De foto's binne ynstjoerd troch lêzers.
- Roel Oostra fan't winter stoarn is? Yn de foarige Twirre betochten wy him omt er ôfrûne simmer 104 jier âld wurden wie. Oostra wie jierrenlang direkteur fan De Lawei yn Drachten.
- Jan Bakker de nije foarsitter is fan de Keninklike feriening "De Friesche Elf Steden"? Hy folget Wiebe Wieling op dy't 20 jier foarsitter wie. Yn dy tiid hat er de Alvestêdetocht net ien kear útskriuwe kinnen. Yn 2012 wie it hast sa fier, mar yn it súdlike diel fan de rûte wie it iis net fertroud genôch.
- Wy wer in foto efter op dizze Twirre hawwe? Witte Jo wêr't er makke is? De foarige kear De Waag op 'e Nijstêd yn Ljouwert.

SUDOKU

Yn de fakjes moatte de sifers 1 oant en mei 9 ynfolle wurde op sa'n wize dat yn elke horizontale line en yn elke fertikale kolom en yn elk fan de njoggen blokjes de sifers 1 oant en mei 9 ien kear foarkomme. Yn guon fakjes binne de sifers al ynfolle.

- ynstjoerd troch Jurjen Kootstra

		5		9	7	3	6	
8								4
		3	6					
3		7			9		2	
				2				
	5		8			4		9
					4	9		
4								7
	9	2	7	5		1		



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

